

Mais rispinge fan start yn Noardeast Fryslân

Tiisdei 08-10-2013

Ternaard: troch it moaie en droege waar fan de ôfrûne perioade is de mais klear om rispe te wurden. Foaral de ripens en droechte fan de maiskerrel bepale it tiidstip fan de rispinge. De fjilden dy't it earst oan bod komme foar de rispinge binne yn de regel de perselen wêr't de mais ûnder plestyk plante is, dizze perselen rinne ûngefear 2 oant 3 wike foar op de oare, net ûnder plestyk ferboude perselen.

Goede opbringst

Leanbedriuw Maatschap Hoekstra út Hantumhuzen is moandeitemiddei yn Ternaard begûn mei de rispinge fan 7 hektare mais foar Jan de Graaf, greidboer yn Ternaard. Neffens de Graaf is de opbringst heech en leit de opbringst om de 50 ton de hektare hinne. 'Wy ha 1 perseel berekkene hoefolle it ton it oprobucht en wy binne tefreden oer de opbringst', en mei in 340 ton leit de slûfsilo dan ek helendal fol.

Materieel

Maatschap Hoekstra is mei in hakselmachine en 2 trekkers mei silaazjeweynen dwaande om de mais fan it lân nei it bedriuw te krijen, op it bedriuw is in shovel dwaande om de mais netsjes yn de slûfsilo te krijen. Nei ôfrin wurdt der troch de shovel in laachje ierappelvezels oer de maisbult lein wat in ôfslutende funksje hat, fierder wurdt de bult noch ynpakt mei plestyk en is it yn rin fan de winter klear om te fuorjen oan de keallen.

Skea fan rydsporen

Neffens de skoanheit fan Jan de Graaf, Van der Wal, is it sykjen nei rydsporen fan de trekkers en hakselmachine in hele opjefte, 'Do sjochst net wêr't se lâns ride, dit is oant no ta wol in hele moaie simmer en hjerst wat wurk oanbelanget, mar fersin dy net, it kin ek oars'. En mei oars wurdt it waar bedoelt. As der yn de rin fan' e wike rein foarsein wurdt, is de kâns op rydskea oanmerklik grutter.

Glêdens

Mar ek it ferfier fan de rispinge fan it lân nei it bedriuw kin dan wer foar oerlêst soargje. Foaral glêde diken binne dan in gefaar foar de oare ferkearsdielnimmers. De measte leanwurkers en boeren sette ûnder it wurk buorden by de dyk lâns en spiele nei ôfrin de dyk skjin. Mar toch moat de automobilist rekken hâlde mei dizze hinder. Dit kin dien wurde troch de snelheid oan te passen yn dizze perioade fan it jier. Op dizze wize kinne ûngelokken foarkommen wurde.

